

Riedsútstel

Gearkomste : 17 desimber 2015

Agindapunt : 7

Status : **Ynfoarmearjend**

Programma : (9) Miljeu

Portefúlgehâlder : H. Rijpstra

Behanneljend amt. : Yke Visser

E-mail : yvisser@t-diel.nl

Telefoannûmer : (0511) 460 995

Zaak / Stuknûmer : Z2014-09701 / S2015-26093

Oan de Ried.

Underwerp

Grondwaterbeleidsplan gemeente Tytsjerksteradiel

Koarte ynhâld

Op grûn fan de Wetterwet hawwe wy as gemeente in grûnwettersoarchplicht. Mei it opstellen fan it 'Grondwaterbeleidsplan gemeente Tytsjerksteradiel' wurdt de ynfolling jûn oan ús gemeentlike soarchplicht.

Utstel fan it Kolleezje

Foar kundskip oannimme.

Bylagen

- Kolleezjebeslút fan 24 novimber 2015
- Grondwaterbeleidsplan gemeente Tytsjerksteradiel

Taljochting

Yn it ramt fan de Wetterwet hat de gemeente ek in soarchplicht foar himel- en grûnwetter, de saneamde 'verbrede watertaken'. Yn ferbân mei dy taken is der earder al in 'verbreed' GRP (vGRP) opsteld. Us vGRP '**WETTERSOARCH**' is yn 2012 troch de gemeenteried fêststeld en de ried hat doe keazen foar senario D. Dat senario kent in heger ambysjenivo (droeger, skjinner en sûner). In gefolch fan dy kar is dat wy ús soarchplicht op it mêd fan grûnwetter neier ynfolje sille troch it ynrjochtsjen fan in grûnwettermjitnet en it opstellen fan in grûnwetterbeliedsplan.

As útfloeisel fan it troch de ried fêststelde vGRP is begjin 2015 in beheind grûnwettermjitnet oanlein en oanfoljend is in grûnwetterbeliedsplan opsteld en fêststeld troch it kolleezje. It 'Grondwaterbeleidsplan gemeente Tytsjerksteradiel' is in eftergrûndokumint by ús vGRP 'Wettersoarch'.

Wy hawwe dêrmei in útfieringsynstrumint foar de ynfolling fan de grûnwettersoarchplicht. Dêrneist is it ek foar boargers dúdlik wat sy fan de gemeente ferwachtsje meie mar ek wat harren eigen ferantwurdelikens is.

Burgum, 24 novimber 2015

It kolleezje fan Tytsjerksteradiel
de sekretaris

O. de Jager MAC RC

de boargemaster

drs. E.J. ter Keurs